

Dokkum, 17 maart 2020

Bêste ynwenners en ûndernimmers fan Noardeast-Fryslân,

Wy belibje bysûndere tiden no't it koroanafirus ek foar ús yn Noardeast-Fryslân soarget foar yngripende oanpassingen yn it deistich libben. Yn it foarste plak wol ik yn dizze brief witte litte dat ik meilibje mei elkenien dy't it dêr dreech troch hat.

- It is aaklich as men yn noed sit oer de sûnens fan jinsels of fan in neiste. It kinne iensume tiden wêze as jo foarearst út foarsoarch gjin besite ûntfange meie, omdat jo fanwege âldens of sykte al kwetsber binne. Alle ynwenners dy't dêrmei te meitsjen hawwe winskje ik alle sterkte.
- Is jo berop wêzentlik foar de maatskippij? Jo belangrike wurk giet troch, mooglik sels ûnder drege omstannichheden. Myn respekt en grutte tank foar jo ynset!
- Binne jo ûndernimmer? Ek dan binne der faaks nuodlike tiden oanbrutsen. Troch it neilibjen fan de maatregels, leverje jo in wêzentlike bydrage en dêrfoar is tankberens wis ek op syn plak.
- Sukses as jo de kommende perioade thús wurkje. Der wurdt fleksibiliteit en ferantwurdlikens fan jo frege. It sil net altyd maklik wêze; yn alle gefal net as jo it wurk no kombinearje moatte mei de soarch foar bern.

Lit ús net ferjitte: alle maatregels tsjinje in wichtich doel

Jo sûnens en dy fan jo neisten steane foarop! De maatregels kinne ferfelend wêze, mar dochs wol ik jo op it hert lizze om se goed nei te kommen. Allinne dan kinne we der mei-inoar foar soargje dat it koroanafirus hurder yndamme wurdt. Foar elkenien jildt:

- Bliuw kalm, troch neilibjen fan de maatregels kriget it firus minder kâns;
- Folgje dêrby soarchfâldich de advizen fan it Ryk en it RIVM. Lês de betroubere ynformaasje fan dy offisjele ynstânsjes, want der binne berjochten yn omrin dy't net doge;
- Dêrby wol ik jo freegje om by it boadskipjen út te gean fan goede befoarrieding. Hamsterjen is echt net nedich en it is net sosjaal. Krekt no moatte we opinoar passe!

Ik winskje elkenien wiisheid en moed foar de kommende tiid. Ik ha fertrouwen yn de fearkrêft fan de ynwenners en ûndernimmers fan Noardeast-Fryslân!

Mei hertlike groetnis,



Johannes Kramer
Burgemeester van de gemeente Noardeast-Fryslân